

Preek te Frjentsjer – Seisbierrum d.d. 27 Desimber 2009

fan

Dûmny Jan J. Poutsma

ferzje 2, 2009-12-22

Gemeente fan ús Heare Jezus Kristus,

Kinne jimme se noch, dy negativen fan foto 's, ienris makke mei jimme eigen kamera, dat grutte fototastel of dat lytse bokske ? Ja, jimme sille se noch wol kenne, as jimme hearre by de âldere generaasje, de tritigers of faaks noch de tweintigers. De *teenagers* en de bern ? Yn in tiid fan digitale fotografy en mobyltsjes, dêr't jimme in protte foto's yn heech tempo mei meitsje kinne ? Kenne jimme se noch ? Dy negativen ? Fan hearren sizzen faaks, mar yn realiteit ?

Jimme Heiten en Memmen, en jimme Pakes en Beppes plakten harren foto's yn albums. Do setst dy fan dy yn 'e kompjûter. En fan in grutte mannichte oan negativen hasto gjin weet en gjin lêst. Mar by de eardere generaasjes lizze se grif noch yn 'e kast of yn it laad. Mooglik komme se der noch ris út om guon der fan ôf te drukken ta foto's foar jimme sels, foar jimme bern en foar jimme bernsbern.

Wat is no krekt in foto – negatyf en wat is it ferskil mei de foto, of it posityf, sa't dat ek neamd wurde kin ? Beide jouwe se itselde byld wer, fan ien en deselde opname. Mar it negatyf is tsjuster en diznich. Allinne asto it ljocht der troch hinne skine litst, sjochsto skerper wat der op stiet. Dêrnei moatst it negatyf ôfdrukke litte, en dan ferskynt it posityf, de foto. En dy is skerper en klearder. It dizenige, it tsjustere is fuort. In moai en klear byld ferskynt.

Wêrom no dit hiele ferhaal oer negatyf en posityf fan in foto ? No, jo soenen de wrâld fan hjoed – de – dei, de wrâld dêr't wy yn libje, de wrâld fan sûnde en mei de gefolgen fan 'e sûnde, in negatyf neame kinne. Tsjuster, net skerp, diznich. Allinne, as it ljocht fan it Wurd fan God der troch hinne skynt, sjocht men de dingen skerper; ek it tsjuster tekent him dan nammerste skerper ôf. Dêrfoar soe men de wrâld dêr't de tekst oer sprekt, de wrâld dy't God ûntwikkelet, it posityf neame kinne, dêr't God alle dingen nij yn makket, de sûnde, it tsjuster fuort docht en dêr't alles klear yn skitteret en him folslein ôftekenet. Dus beide, negatyf en posityf jouwe wol deselde opname wer, de wrâld dy't God skoep. In wrâld dêr't wy de flok en it tsjuster brochten, mar dy dan wer troch God werskepen en fernijd wurdt.

God makket alles nij

1. It âlde, it tsjuster giet fuort
2. It nije, it ljocht brekt troch

1. It tsjuster giet fuort

Hy, dy't op 'e troan siet sei : alles meitsje Ik nij. Op 'e troan, en ek yn 'e himel. Wa sit der oars op dy himelske troan as de Heare God sels ? Hy nimt it wurd. En it is de earste en de iennige kear yn dit bibelboek dat God Sels sprekt. Fierders is it Jesus Kristus, de Soan fan God, Dy't Him as in soan fan de minske yn fisioenen ta Johannes keart. Dat bart bygelyks yn haadstik 1. En yn de haadstikken 2, 3 en 4 diktearret Jesus Kristus dêrnei oan Johannes ek de sân brieven oan lyksafolle gemeenten fan Him yn Lyts – Azië. Hjir is it lykwols God sels, de Almachtige Dy't ta Johannes sprekt. De earste en iennige kear dus yn dit bibelboek dat de hillige God Sels sprekt ta in ûnhillich, en sûndich minske. Harkje dus Johannes, harkje minsken, God sels sprekt ta jimme. Nee wês net bang, mar stek jimme earen op (*spits jullie oren*).

Hear dan jimme God sizzen : alles meitsje Ik nij. Nij ? Foar ús betsjut "nij" gauris : totaal oars. Keapest in nije auto, of krigest foar dyn jierdei bygelyks in nije fyts, dan kinst moai dy âlde ynruilje of dy âlde fyts, dat rykrak, fuordwaan. Want do krigest in nijen ien der foar yn it plak. Fansels, it is ek in reau (auto) of in fyts, mar wol hielendal wat oars. It âlde hat ôfdien, sjoch, do krigest eat totaal nijs.

Is dat no ek sa wannear't fan God sein wurdt dat Hy alles nij makket ? Makket de Skepper in totaal nije skepping ? Bliuwt der neat fan de âlde skepping oer ? Nee, uterstee net. Tink mar wer oan it byld fan negatyf en posityf fan in foto. De skepping wie troch ús sûnde tsjuster en diznich wurden. Krekt as in negatyf. Nee, út ússels sjogge wy dat net. Yn it tsjuster fan 'e sûnde en de gefolgen fan de sûnde dêr't wy troch eigen sûnde en skuld kaam binne, sjogge wy neat fan it byld op it negatyf. Skynt lykwols it ljocht fan it Wurd fan God der troch hinne, dan sjogge wy skerp de sûnde yn 'e wrâld en yn ússels. Mar it bliuwt in negatyf, it tsjuster fan de sûnde, it dizenige, it stikkene giet net fuort.

Mar dan komt no God Sels en Hy makket it negatyf ta posityf, fan tsjuster nei ljocht, yn in proses fan ûntwikkeling en fernijing. Dan is wol de fraach : is dit no allinne mar takomstmuzyk ? Dat proses, dy fernijing, dat fuort dwaan fan it tsjuster, de sûnde en de gefolgen fan de sûnde ? Bart dat allegear no earst, wannear't Kristus weromkomt ? Wurdt dan earst echt alles nij ? Nee, net om 'e nocht spriek ik niiskrektsa oer in ûntwikkel – proses. In proses dat no al oan 'e gong is. In ûntwikkel – proses as by it ôfdrukken fan in foto, fan negatyf ta posityf. Faaks hienen jimme eartiids in tsjustere keamer, dêr't jimme sels jimme foto's ôfdrukten. Dan witte jimme noch wol, dat men geduld hawwe moast. Stadichoan waard de foto sichtber. En hoeden hellest dy einlings en tenlêsten út it ûntwikkelbad. En dan wie it negatyf ta posityf wurden. Mar dat duorre wol eefkes, it wie in hiel proses, in stadichoan proses.

Sa is it no ek by ús God Dy't it negatyf fan syn skepping, troch ús sûnde ta negatyf fertutearze, no ta posityf, ta fernijd ûntwikkelt. Ek dat is in proses. In proses fan ieuwen. Us God begûn der mei yn 'e Krystnacht, yn it stjoeren fan syn Soan, as ferfolging fan de ûnthjitten út it âlde ferbûn, al fan ôf it paradys. Jesus Kristus en syn berte, it is de earste stap yn dat ûntwikkel – proses. Mar ús God is by Betlehem net stean bleaun. Hy giet yn Kristus, syn Soan, fierder, op wei nei Getsemane en Golgota. En dan is dêr it lemieren fan de Peaskemoarn, de oerwinning op 'e machten fan satan en dea troch ús Heilân. En fan dêr út giet Hy dan oerwinnend en rêdend en fernijend de ieuwen troch.

It ûntwikkel – proses stiet dus net stil. Jesus Kristus tsjûget dêr ek sels fan. Wy liezen Lukas 4. "Ik bin kaam", tsjûget Hy yn de synagoge fan Nazaret mei de wurden fan de profeet Jesaja, dy op himsels belûkend. "Ik bin kaam om it genedejier fan de Hear út te roppen". Genedetiid kin men ek sizze. In genedetiid fan ieuwen. En dêryn wurde finzenen frijlitten, krije bliken harren gesichtsfermogen werom en krije ûnderdrukten harren frijheid, ensafuorthinne. Sjogge jimme, hoe't troch Jesus Kristus de dingen stadichoan nij wurde ? Gefolgen fan de sûnde yn earm wêzen, yn 'e finzenis sitte, blyn wêze, ûnderdrukt wurde, dy gefolgen geane wat langer wat mear fuort. It proses fan better wurden en fernijing set troch, de ûntwikkeling hâldt net stil. Ek al liket it somtiden sa oars, mei it each fan it leauwe meist dochts bemerke dat wier de dingen nij wurde. God set syn wurk fan hieljen en better meitsjen troch. Men kin it ferlikenje mei in mostersiedsje, dat wol stadich mar tagelyks krêftich útgroeit ta in geweldige beam. God seit :alles meitsje Ik nij. En Hy docht it, no al. It is gjin takomstmuzyk allinne, mar wier, hjoed – de – dei.

Dat docht God dus. Mar wy dan, hoege wy neat te dwaan ? Giet dat ûntwikkel – proses hielendal bûten ús om ? Nee, wy bliuwe wier net bûten skot. God docht it tsjuster fan de sûnde en de gefolgen fan de sûnde fuort, wis en wier, mar dan wol fia ús en ús ynset : wy moatte de sûnde út ús libben fuortdwaan. Sjoch mar nei fers 8 fan ús teksthaadstik. Dat fers wurdt noch wol ris weilitten of wy hâlde stil as wy oan dit fers takaam binne. Dat bart my ek noch wol ris. It liket ek sa'n kâlde dûs nei al dat moaie út de foarôfgeande fersen. Mar lit it net goed bewust benefter. Want it jout wol in wichtich momint wer út it ûntwikkel – proses fan ús God. It hâldt in oprop yn om de neamde sûnden (en net allinne dizze) út ús libben fuort te dwaan. It tsjustere fan de sûnde te ferdriuwen. Sa net, wy driigje de folsleine fernijing mis te rinnen, en einigje yn de fjoerdobbe mei brânende swevel. Dat ferhoede God. No, gean dan troch de krêft fan Kristus' Geast oan it wurk en fjochtsje tsjin de sûnde. Wol jo jo dan hoedzje foar it kwea, want in flam dy't nimmen dôvet ferskroeit oan alle siden harren dy't syn macht bestride (Psalm 97 : 2, berymd). Fan dizze psalm sjonge wy de kûpletten 2 en 5.

2 . It ljocht brekt troch

It nije. No fine minsken hjoed – de – dei it nije echt net altiten better. En mei nije saken binne minsken net altiten lokkich. Wy telle somtiden tige it âlde en it fertroude, dat wy fan it nije net in protte witte wolle. Dat oanbelanget wis nije ûntwikkelingen yn 'e tsjerke. Op lyturgysk mêd bygelyks : wêrom dy ferskate foarmen fan it Nachtmiel fiere (sittend, steand of geand, ensafuorthinne). Al dy nije gesangen op bytiden ûnmooglike meldijen, om noch mar net te spreken fan dy opwekkingslieten. Wêrom al dat nije ? No, soe it ek net in fase wêze kinne yn it ûntwikkel – proses fan ús God nei de nije, folsleine liturgy strak ? Nije saken, nije lieten wêrtroch wy namste better ús God eare bringe kinne ? Ik freegje mar. Wis, lit it net sa wêze : it nije om mar wat nijs te probearjen, mar bringt in nij lied (Sjonge foar de Hear op nije wize, ja rûnom moat it lofliet rize. ... , Psalm 96.) ús net namste

tichter by it folsleine lied strak ? Nee, it falt net altiten yn goede ierde. Dat hat ús Heilân ek sels ûnderfûn, doe't Hy yn de synagoge fan Nazaret de wurden fan de Jesaja – profesij op himsels beluts. Doe't Hy sei (fers 21) : "Hjoed hawwe jimme dizze skrifttekst yn ferfolling gean heard". Earst is der dan byfal mar dêrnei as Hy, as in yn harren eagen nije iepenbiering, seit dat dizze profesij no ek foar de heidens yn ferfolling gean sil (de Messias fan Israël is ek de Messias fan de heidens) dan wurde se tige lilik, nimme se Jesus mei nei bûten de stêd en wolle se him yn 'e ôfgrûn stoarte. Mar dan lêze jo sa majestueus en lakonyk : Hy rûn midden tusken harren troch en gyng syn wegen. It nije falt net altiten yn goede ierde, it wurket sels ferset en haat. Sa is dat it gefal by Jesus fan Nazaret, ús Heilân.

No kinne wy de fraach stelle : giet it yn beide foarbylden wol om eat folslein nijs ? Yn it foarbyld fan de liturgyske fernijingen lykas yn it foarbyld fan de "nije lear" fan ús Heilân yn Nazaret ? It antwurd is : bepaald net. Nije ûntwikkelingen yn 'e liturgy geane almeast werom op âlde liturgyske gebrûken út 'e tsjerke fan de ieuwen. Dat jildt foar foarmen fan nachtmieľfiering, dat jildt foar wikselsang, dat jildt foar it komponearjen en brûken fan nije lieten. Ik neam der mar inkelde. Se hawwe harren woartels yn 'e âlde Kristlike liturgy. Net as eat totaal nijs, mar as in fernijde liturgy.

En wat it twadde foarbyld oanbelanget, de wurden fan Kristus út Lukas 4 dat de profesij fan Jesaja ek jilde sil foar de heidens : se geane werom op wat God al ieuwen lyn oan Abraham ûnthjitten hat dat yn him alle folken fan de ierde segene wurde soenen. Dus gjin nije lear fan ús Heilân, mar ferfolling fan Ald Testamentyske profesijen. En dus in nije fase yn it ûntwikkel – proses troch ús God fan âld nei nij. Dizze fernijde mar tagelyks sokke âlde wurden.

Datselde bart no wannear 't God seit : Ik meitsje alles nij. Dan komt der net in totaal nije wrâld sûnder iennich ferbân mei dizze âlde wrâld. Nee, tink mar wer oan negatyf en posityf fan in foto (ik kom noch ienris op dit foarbyld werom). Deselde dingen sjogge jimme, mar it tsjuster is fuort, se binne skerper, klearder. De âlde dingen binne net ryp foar de sloop, mar se wurde ferboud, renovearre, fernijd. Jesaja 60 lit der eat fan sjen. Dêr wurdt it nije Jeruzalim profetysk besongen. En lêse dan mar wat der allegear ynkomt út de âlde ierde : skatten út 'e see, rykdom fan in protte folken, wijreek en goud, kamielen, skiep, geiten. Se litte eat sjen fan 'e swide dieden fan de Heare, de God fan Israël. De Skepper, Dy't syn troch de sûnde oantaaste skepping net sloopt mar fernijt.

No libje wy hjoed op 'e drompel fan 2009 / 2010 ek yn in fase fan dit fernijings – proses, dat ûntwikkel – proses fan ús God. Wy mei ús jeften, ús wurk, ús libben. Hat dat no allegear in tydlik karakter ? Sette wy ús jeften yn, dogge wy ús wurk, folje wy ús libben, sûnder dat der strak op de nije ierde (wannear, yn 2010 ?) ek mar eat fan oer is ? Liket dat no net sinleas ? Dan seit God : Ik meitsje alles nij, dus ek de ynset fan jimme jeften, dus ek wat jimme mei jimme wurk opboud hawwe, dus ek wat jimme yn jimme libben útwurke hawwe. It is net sinleas, it giet mei nei de nije ierde. Jimme wurken folje jimme nei, dat lêze jimme ek yn de Iepenbiering fan Johannes. Op hokker wize ? Wy witte it net, mar se sille der wêze, as boustiennen foar it nije Jeruzalim. En wis, se wienen besmodzge mei sûnde, der siet in protte tsjusters en egoïstysks yn. Mar, seit God, Ik sil se suverje en ferhearlike in plak jaan op de nije ierde, yn de takomst fan myn ryk, yn it nije Jeruzalim.

Foarbylden ? Dyn ynset foar de omwrâld (miljeu) bygelyks : de skjinne wrâld fan strak mei ek resultaat wêze fan dyn ynset. Dêrtroch in skjinne Waadsee faaks strak op de nije ierde ? Ik neam mar wat. Dyn jefte om te skilderjen, te tekenjen bygelyks. Wêrom soenen dyn tekeningen strak net de nije ierde fersiere ? Jimme ynset foar sinding en evangelisaasje bygelyks. Strak stean dêr dy bern fan God dy't troch jimme tsjûgenis of troch jimme sindingbydrage ta it leauwen kommen binne.

En dan algemien : byldhouwurken, skilderijen as de triptyk "It Laam fan God" fan de Bruorren van Eyk (dan wer kompleet) of stillibbens en tsjerkeynterieurs fan Helmantel (ik seach se okkerlêsten wer yn 'e Weem fan Westerembden, dat makket yndruk). Gean dy net mei nei de nije ierde ? De Skrift seit dochs net om 'e nocht (Iepenbiering 21 : 26) : en hja sille de skatten en de rykdom fan 'e folken dêr ta yndrage". De jongste dei is gjin byldenstoarm. Alle skatten fan kultuer en wittenskip, se hawwe net om 'e nocht west. Wat in machtich foto – posityf, dy nije wrâld. Sûnder skaad, sûnder tsjusternis. Ljocht by 't soad, strieljend, machtich. Dêrom : eare oan God Dy't alles nij makket.

Amen

Poutsma27Desimber09.doc